



Zwartepiet.eu

PARSEBERJOCHT 8-11-2021

SWARTE PYT IS WER WEROM YN 'E HANNEL

Fan hjoed ôf kin der yn 'e hannel wer foar Swarte Pyt keazen wurde. Op zwartepiet.eu kinne tsjinstferlieners en konsuminten, dy't wearde hechtsje oan in tradisjoneel sinteklaasfeest mei Swarte Piten of oan it brûken fan in regionale taal inoar fine.

It bieden fan in kar foar Swarte Pyt of de regionale taal is nedich om de identiteit fan de Europeeske konsumint te beskermjen, dy't - oars as de Amerikaanske konsumint - it swarte antlit fan Swarte Pyt mei in pan-Europeeske folkstradysje assosjearret. Europeeske konsuminten hawwe it rjocht om mei eltse bestege euro te kiezen foar tsjinstferlieners, dy't harren identiteit, taal en kultuer respektarje.

Yn in demokratiske rjochtssteat beskermet de frije merk de identiteit fan autonome minderheden en Europeeske konsuminten tsjin ûnferdraachsumens troch karfrijens te bieden. It bedriuw zwartepiet.eu hat jierrenlange ûnderfining yn it oanbieden fan tsjinsten foar autonome minderheden yn 'e Europeeske Uny en komt op foar in ynklusive en ôfwikseljende Europeeske konsumintemerk.

As in sinjifikant part fan de Europeeske konsuminten hechtet oan in tradisjoneel kristlik sinteklaasfeest sûnder sensuer op de pan-Europeeske feint fan Sinteklaas, dan moatte der op grûn fan de logika fan in frije konsumintemerk en in plurifoarme demokratiske rjochtssteat aanbieders wêze dy't dy konsumintekar fasilitearje en dêrmei ferantwurdlikens sjen litte foar de mienskip.

ZWARTEPIET.EU POSTBUS 57133 1040 BA AMSTERDAM T:+31 20 8950172
INFO@ZWARTEPIET.EU K.F.K 14080692 BTW NL001890749B42 IBAN:RABO 0372 0340 63